


Fryske oersetting

Fan it oersetten fan literêre teksten hat Canetti sels it folgjende opmurken: ‘Oan it oersetten is allinne nijs-giirrich wat der ferlern giet. Om dat te finen soe men út en troch ris oersette moatte’ [*Anzeichnungen*].


Omt Canetti it Dútsk pas learde doe’t er acht jier âld wie, hat er himsels yn dy taal altiten te gast field. Syn styl lit in grutte gefoeligheid foar it ritme fan de taal sjen. De oersetter moat besykje om de bysûndere toan, de eigen klank fan Canetti syn Dútsk yn it Frysk weromkomme te litten. Wurdlik werjaan op himsels is net genôch. Oft er soks no wol of net, de oersetter is twongen om te ynterpretearjen en skeppend mei syn taal dwaande te wêzen. It is Anne Tjerk Popkema slagge en kom de kadâns fan de oarspronklike tekst yn sa’n mjitte benei, dat orizjineel en oersetting deselde sfear azemje.

ELIAS CANETTI
DE HARKSIZZER

ELIAS CANETTI DE HARKSIZZER



LICHTHART & NEUMANN
UITGEVERS



DER OHRENZEUGE/DE HARKSIZZER

De bondel karaktersketsen *Der Ohrenzeuge* van Elias Canetti (1905-1994) befettet fyftich portretten fan net besteande, mar mooglike figueren mei in meast nuvere, oerhearskjende karaktertrek. Hja foarmje

it bewiis fan gauris tsjinstridige behoeftes, gefoelens, ynteresses, eangsten en idealen, dy’t de minsk sa meidrage kin. Ien inkelde eigenskip follet it bestean fan eltse figuer. Sa libbet de nammelikker fan syn bewûndering foar grutte namen; de rookskriele giet alle roken út ‘e wei, sels dy fan blommen. Al dy karakters ha ienris en foargoed de grinzen fan harren wrâld fêstlein. Hja nije de feroaring en bliuwe harren hiele libben lang deselde. De iennige útsûndering is de titelfiguer. Dat ferhaal mei sjoen wurde as in iroanysk selsportret fan Canetti. *De harksizzer* harket oeral om him hinne en ûnthâldt wat de lju sizzes, om it harren nei de tiid as in spiegel foar te hâlden. Datoangeande hannellet er net ta syn eigen nut, mar ta dat fan syn meiminsken. Oars as syn soartgenoaten ûntkomt er oan it bestjuren troch syn eigenskip út en troch ôf te lizzen en himsels te relativearjen.

De satire fan Canetti yn *Der Ohrenzeuge* is rjochte tsjin de bline selsbeheining fan de minsk dy’t himsels ynkapselet yn syn eigen wrâld, sûnder each foar it oare en de oar. In mylde satire, omt Canetti – lykas de lêzer – himsels yn in soad karakters weromkent. Yn *Der Ohrenzeuge* jout er bliken fan ûntgûcheling likegoed as fan bewûndering foar de minsk.

Elias Canetti

De harksizzer
Fyftjin karaktersketsen

Oersetting

Anne Tjerk Popkema

LICHTHART & NEUMANN
UITGEVERS

Foar Hera en Johanna

Der Ohrenzeuge. Fünfzig Charaktere
Copyright © by Elias Canetti 1974
by the heirs of Elias Canetti 1994
Published by kind permission of
Carl Hanser Verlag München Wien
© oersetting: Lichthart & Neumann Uitgevers
en Anne Tjerk Popkema 2007
ISBN 978 90 77678 04 6

YNHÂLD

DE NAMMELIKKER	<i>Der Namenlecker</i>	9
DE SELSSKINKSTER	<i>Die Selbstschenkerin</i>	11
DE ROOKSKRIELE	<i>Die Geruchschmale</i>	13
DE TAFFELSKLEEDSLJOCHTE	<i>Die Tischuchtolle</i>	15
DE BEKJEGAU	<i>Der Wortfrühe</i>	17
DE HARKSIZZER	<i>Der Ohrenzeuge</i>	19
DE HÚSBITER	<i>Der Heimbeisser</i>	21
DE LISTEFANGER	<i>Der Tückenfänger</i>	24
DE PAPIERSÚPER	<i>Der Papiersäuffer</i>	27
DE WURGE	<i>Die Müde</i>	30
DE FERSKOWER	<i>Der Verschlepper</i>	32
DE GODSPRONKER	<i>Der Gottprotz</i>	35
DE STJERLJOCHTE	<i>Die Sternklare</i>	38
DE BETOCHTE	<i>Die Erfundene</i>	41
DE NEANETMOAT	<i>Der Nimmermuss</i>	43
BIOGRAFY		46

DE NAMMELIKKER

De nammelikker wit wat goed smakket, hy rûkt it fan tûzen kilometer ôf en docht alle war om tichtby de namme te kommen dy't er likke wol. Mei de wein, mei fleantúgen is dat hjoeddedei gjin toer, altefolle wurk smyt soks net op, mar it moat sein wurde dat er ek hurder skreppe soe, as it moast. Hy krijt sin by it krantsjen; as it net yn 'e krante stiet, smakket it him net. As in namme gauris yn 'e krante opdûkt en sels yn 'e koppen stiet, dan wurdt de sin ûnwjersteanber en jout er him sa gau mooglik op 'en paad. As er genôch jild hat foar de reis, dan liket it knap. Hat er dat net, dan lient er it earne en betellet mei de gloarje fan it hege doel. It is altiten yndrukwekkend, as er dêr oer praat. 'Ik moat N. N. likke', seit er dan en it klinkt as doedestiids de ûntdekking fan de Noardpoal.

Hy kin jin oer it mad komme, oft er him no op in oar beropt of net, it hat der altiten fan as fertjirmet er fan begearte. It flaiiket nammen, dat men troch langstme nei harren fan toarst omkomme kinne soe, de wide wrâld ien woastениj en hja de iennige boarne. Dat hja ferklearje harsels, earst nei't hja wiidweidich oer harren tiidkrapte krimmenearre ha, reewillich om de nammelikker

te ûntfangen. Men soe sels wol sizze kinne, dat hja him frijwat ûngeduldich ferwachtsje. Hja lizze har bêste waar foar him ree, himmelje dy, en allinne dy, yngeand en poetse dy glânzjend op. De nammelikker ferskynt en wurdt ferblinde. Syn begearte is ûnderwilens noch grutter wurden en hy ferstoppet dy net. Unbeskamme komt er tichterby en krijt de namme beet. As er dy in skoftlang yngeand ôflikke hat, fotografearet er him. Hy hat neat te sizzen, faaks dat er wat wurden fan bewûndering bestammeret, mar nimmen trapet dêryn: elts wit, dat it him om mar ien ding te dwaan is, it oanreitsjen mei syn tonge. 'Mei dizze selde tonge', sa sil er letter sizze, stekt him dan út en rispet in ûntsach, sa't foartiids gjin inkelde namme ea barre mocht.

BIOGRAFY

Elias Canetti waard op 25 july 1905 berne yn Roestsjoek (no Roese) oan de Donau yn Bulgarije. Hy wie de âldste soan fan in begoedige Sefardysk-Joadske keapmansfamylje en brocht syn bernejierren troch yn Bulgarije en Ingelân. Nei de iere dea fan harren heit wenne er mei syn mem en suster yn ferskate Dútsktalige lannen: yn Eastenryk, Switserlân en Dútslân. Yn 1939 koe er net oars as mei syn frou Veza nei Ingelân te emigrearjen, dêr't er ek nei de Twadde Wrâldkriich bleaun is. Fan de santigger jierren ôf wenne er benammen yn Zürich (Switserlân), dêr't er nei syn dea op 14 augustus 1994 begroeven waard.

Canetti is benammen bekend troch syn kultuerhistoaryske stúdzje *Massa en Macht*, syn roman *Die Blendung* (*Het Martyrium* yn de Hollânske oersetting) en de trijedielige autobiografy *De behouden tong*, *De fakkel in het oor* en *Het ogenpel*. Yn 1981 krige er de Nobelpriis foar de Literatuer.

De jonge Canetti eigene him taal oan troch te harkjen. Fan syn âlden learde er Ladino, it midsieuske Spaansk dat harren Joadske foarfaars praten, doe't hja yn 1492 út Spanje ferdreaun waarden. As achttjierrich bern wie er dêrnjonken noch fjouwer talen master: Bulgaarsk, Frânsk, Ingelsk en Dútsk. Syn libben lang soe er yn it Dútsk skriuwe.

KOLOFON

Ut *Der Obrenzeuge. Fünfzig Charaktere* is mei reewillige tastimming fan de erven Canetti en Hanser Verlag yn München/Wenen in seleksje makke fan fyftjin karaktersketsen. Dy binne troch Anne Tjerk Popkema yn it Frysk oerset oan 'e hân fan de oarspronklike útjefte fan 1974.

De foarmjouwing is fersoarge troch Jan de Waard [Mooi Rood Pers-Ljouwert]. De tekst is set út de Garamond en op 130 grams Simili Japon printe, en dêrnei troch IJke Lichthart mei de hân bûn.

De harksizzer is diel trije yn de 'Lytse Rige'. De oplage bestiet út 60 nûmere eksimplaren. Dit is nûmer

EARDER FERSKYND YN DE LYTSE RIGE:

Walter Benjamin,
Ik pak myn bibleteek út
(oers. Anne Tjerk Popkema)
2004

Adolf Loos
Ornamint en misdied
(oers. Teake Oppewal)
- mei orizjinele print fan Eddy Sikma -
2004